

nûmer

desimber 2005 76^{ste} jiergong

tydskrift foar Fryske stúdzje

de pompeblêden

ny langer stil haaden,
is sisse jimme dogeniet
ans, jimme wudde za gru
belle vol van het, alee
k in de staed te kommer
op pe groon sleepe en d
len smel streekje oon d
w ha wese jakken oon sa

De skriuwer op it spoar:
resjersjewurk yn de
Fryske literatuer

De feriening De Fryske Skoalle
(1955-1972)

Europeeske minderheden hawwe
eigen webstek foar taalplanning

Besprek fan û.o.: De betoverhoed; Gewoane bysûndere
oare ûnderwerpen; dagen fan Sjeffy en Siraffe; Skriuwerskalinder 2006
Nijs fan û.o. Afûk, Skoalradio en -tv, It Fryske Boek

De skriuwer op it spoar: resjersjewurk yn de Fryske literatuer

It ynfieren en trochsykjen fan Fryske teksten út de 17de en 18de ieu yn de Taaldatabank fan de Fryske Akademy hat opsmitten dat foar in soad wurden út dy tiid lykas foar no dialektkaarten te meitsjen binne. It is sels mooglik om út anonime teksten it wenplak fan de skriuwer op te spoaren.

Arjen Versloot*

Yn 1795 skreau in minniste dûmny in iepen brief oan syn gemeenteliden. It brief begjint sa:

*Brief van ien aod opriugt
Meniste Preker aan zyn volkje di
het vordoan [ferdoarn] hienne*

*Ik haf my langer stil haoden, as
ik hast koe, mar nou mat ik t
jimme ris sisse, jimme dogenieten
[...]. T' is oft jimme van gin
Schaamte witte, 't wier volle
moyer dat jimme en party
Prekers meer jougne dat se net
hoegden te schoen meitsen [...].*

En sa giet it noch wat troch. Dyt de hiele tekst lêze wol, kin terjochte op de Taaldatabank fan de Fryske Akademy (www.fa.knaw.nl/tdb) en dan sykje op de tekst **hp1795a**. De auteur fan de tekst is oant no ta anonym.

Goed hûndert jier modern Frysk dialektûndersyk


Yn it ramt fan it ûndersyk fan de Fryske taal, syn skiednis en dialekten haw ik my dwaande holden mei de ynterpretaasje fan de âldere boarnen fan it Frysk. It dialektûndersyk op de wenstige wize mei fraachpetearen of enkêteformulieren ûnder âldere autochtoane ynwenners fan doarpen, is net âlder as sa'n foech hûndert jier. Beaken yn it Fryske dialektûndersyk is noch altiten Hof syn *Friesche Dialectgeographie* út 1933. De yndieling yn Fryske dialekten dy't dêrút nei foaren komt, wurdt yn de Fryske taalwittenskip noch altiten oanhouden. Mar der binne ek 19de-ieuske dialektboarnen. Dy haw ik de lêste jierren ynfierre litten yn ús Taaldatabank en dat joech de mooglikheid om dialektkaarten te meitsjen fan de sitewaasje fan sa'n

foech fyftich jier foar Hof. Net-tsjinsteande it beheinde ferskil yn jierren wiene by guon wurden en ferskynsels grutte feroarings te sjen. Dat makke my nijsgjirrich nei de feroarings yn it Frysk fan dy tiid.

Dialektûndersyk foar 1800 lestich

It âldste wittenskiplik dialektûndersyk is fan 1879. Bygelyks Halbertsma hat earder yn de 19de ieu wol dialektteksten en -ferskynsels sammele, mar dat is net genôch om in folsleine kaart mei te tekenjen fan dy tiid. Yn de Taaldatabank fan de Fryske Akademy hawwe wy alle teksten fan foar 1800 sammele en trochsykber makke. Mar om dêr samar dialektkaarten fan te tekenjen wie net sa maklik. Der binne ferskate beswieren te betinken tsjin it brûken fan skreaune Fryske teksten út de tiid foar 1800 as boarnen fan dialektûndersyk.

Ik haf my langer stil haoden, as ik hast koe, mar nou mat ik t
jimme ris sisse jimme dogenieten, jimme goon er oon de housbannen
ta in lans, jimme wudde za gruthartig en sa pronks, dat elk en ien
er de moelle vol van het, aleer pligten de Manlieuw mey en zwat lin-
5 nen rouk in de staed te kommen, mar nou hasse blouwe jassen oon, dy
by neij op pe groon sleepe en de vrouwlieuw pligten mey ien grien krippen
jak en ien smel streekje oon de moetse in de vormanje te kommen,



Ynhâld

Wa seit dat in skriuwer de taal fan syn berte- of wenplak skreau? En kinne jo út de stavering samar de útspraak ôfliede? Of wiene skriuwers beynfloede troch it lêzen fan oare Fryske skriuwers? En wylst de Hylper en Skiermûntseager teksten út de 17de en 18de ieu dúdlik lykje op dy dialekten sa't wy dy út de 19de en 20ste ieu kenne, jildt dat bygelyks hielendal net foar teksten fan auteurs út Makkum of Westergeast. Wat seit dat oer de teksten, harren skriuwers, de brûkte stavering en oer de dialekten?

Dialektaarten 17de- en 18de-iensk Frysk lykwols mooglik

Om dochs earne begjinne te kinnen, bin ik útgien fan it idee dat yn in tiid sûnder normalisearre Fryske skriuwtaal minsken net oars koene as fierhinne te skriuwen sa't se praten en dat neffens de stavering fan it Nederlânsk fan dy tiid. Ik haw my beheind ta skriuwers dêr't de biografy ridlik dúdlik fan wie en dy't reedlik honkfêst west hawwe. En mei de ûnderfining fan it 19de-ienske materiaal bin ik derfan útgien dat de feroarings wolris hiel grut wêze kinne yn guon gefallen. Dus mocht ek net alle materiaal yn ien kaart, mar haw ik hieltyd aparte kaarten de ieu of sels de heale ieu makke.

As it taalgebrûk fan de brûkte skriuwers net in delslach fan harren eigen sprektaal west hie, dan hiene de kaarten in griemman west fan foarmen en skriuwweisen. Mar o wûnder, it die bliken dat auteurs út in bepaald tiidrek dy't ik byinoar set hie op de kaart ek fierhinne deselde farianten brûkten. In oantal nijsgjirrige foarbylden haw ik de ôfrûne tiid al besprutsen yn myn taalrubriken yn it *Friesch Dagblad*.¹

Oan de hân fan opfallende dialektferskillen op dy kaarten, dy't faak hielendal net lykje op de moderne dialektferskillen, koene oare auteurs, dêr't ik yn it earstoan noch net safolle fan wist, wer teplak brocht wurde. Sa ûntstie in netwurk fan sa'n likernôch sechstich punten op de kaart, oer twahûndert jier ferspraat, dy't it mooglik meitsje om in aardich byld te foarmjen fan de dialekt-

ferskillen en feroarings yn it Frysk yn dat tiidrek, al sitte der yn de tiid en de romte hjir en dêr wol gatten.

It liket in moaie opjefte om te sjen oft it ek mooglik is om in anonime tekst teplak te bringen: as de metoade of dy tekst net doocht, dan soene de ferskynsels yn de tekst willekeurich ferwize nei hiel ferskillende hoeken fan Fryslân. As de tekst wol konsekwint yn it Frysk fan in beskate krite fan Fryslân skreaun is en de histoaryske dialektkaarten doge, dan moat der in gebiet yn Fryslân wêze dêr't alle bestudearre ferskynsels foarkomme. As foarbyld fan sa'n tekst nim ik it boppesteande anonime brief fan de minniste preker út 1795. Ik haw fan fiif ferskynsels histoaryske kaarten fan de dialektferskillen yn de twadde helte fan de 18de ieu makke en dy ferlike mei de foarmen sa't se yn it brief fan de dûmny foarkomme.

Hawwe

Fan de notiid fan it tiidwurd *hawwe* fine wy yn de tekst *hawwe (se), ha(sse), ik haf*. Yn it ûndersyk fan Hof komt de foarm *ha(wwe)* foar yn it gebiet noardlik fan de grize line en noardeastlik fan de reade. De bollen op de kaart, dy't de farianten dy't troch de auteurs brûkt wurde yn byld bringe, litte sjen dat dy foarmen yn it oanbelangjende tiidrek fierder nei it westen ta foarkamen. Tagelyk sjogge wy benammen yn de noardlike Wâlden dan noch it brûken fan *habbe*, in foarm dy't no echt inkeld noch súdlik fan Drachten te hearren is. De sochte skriuwer kin dus út in grut gebiet yn 'e midden en it noarden fan Fryslân wei komme. It hiele súdwesten falt yn alle gefallen ôf en it uterste easten en súdeasten binne ek net wierskynlik.

Wat

De skriuwer brûkt in pear kear it wurd *wat*. Yn de moderne kontekst is dat net botte opfallend; it wurd hat yn it moderne Frysk gjin farianten, mei ien útsûndering: Hylper *het*. Yn it Standertfrysk komme wy dy foarm noch tsjin yn de útdrukking: *it hoe en het*. Yn de 18de ieu wie de fariant *het* noch yn

62 Arjen Versloot

De skriuwer op it spoar: resjersjewurk yn de Fryske literatuer

66 Koen Zondag

'Boppe al de reden fan it hert.' De feriening De Fryske Skoalle

68 M. Kuitert, T. Bottema en A. Riemersma

Europeeske minderheden hawwe eigen webstek foar taalplenning

70 Boekbesprek

73 Underweis of krekt ferskynd

74 Mei de taal te set

75 Afûk-nijs

76 Fryske skoalradio en -tv

76 Fryske Boek-nijs

77 Nijs foar gemeenten

78 Op it aljemint

78 Koart nijs

79 Tresoar-nijs

79 Ynhâldsopjefte 2005

De Pompeblêden
Tydskrift foar Fryske stúdzje.
Utjefte: Stifting Afûk
Redaksje: Jeh. Ytsma, G. Bies, D. Kootstra,
L. Bonnema, G.H. Jelsma (einredaksje)
Fêste meiwurkers: R. de Haan, J. Jongsma,
J. Weening
Adres fan redaksje en administraasje:
Afûk, Bûterhoeke 3, Postbus 53,
8900 AB Ljouwert, Tel.: (058) 234 30 70,
Faks: (058) 215 94 75,
E-post: pompebleden@afuk.nl
Ynternet: www.afuk.nl
De Pompeblêden wurdt op syn minst fjouwer
kear jiers tastjoerd oan de stipers fan de Afûk.
Stiper kin elkenien wurde troch € 13,60 oer te
meitsjen op girorekken 1428504 fan de
Afûk te Ljouwert.
Losse nûmers: € 3,00.
© 2005 Afûk
ISSN 0032-4205

in aardich stik fan it taalgebiet yn gebrûk. Wat fierder nei it noardeasten oft wy komme, wat gewoaner oft it brûken fan *het(te)* dan noch is. Hiel fraai is yn de kaart fan *wat/het* te sjen dat de plakken dêr't auteurs *het* noch in bytsje brûke hiel kreas te finen binne tusken gebieten fan auteurs dy't it hielendal net brûke en dy't it hiel faak brûke. De fariaasje is dus net in flaterfaktor, mar just in behoarlik krekte oanwizing.

Fierders dúkt *het* ek noch op yn it uterste westen, yn Makkum. Dat foarkommen hat te krijen mei it tsjintwurdige foarkommen yn Hylpen. Makkum hie eartiids krekt as Hylpen ek in folle behâldender dialekt, dat op guon punten aardich fan de taal fan de rest fan Westergoa ôfwykt.





Mei't yn it brief inkeld *wat* brûkt wurdt, falt in grut stik fan it noardeasten fan Fryslân, dus ek fan it *hawwe*-gebiet fan de earste kaart, ôf. Us blik ferskoot wat mear nei it westen en suden ta. Dat dialektkritearium wiene wy oars op grûn fan de moderne dialektferskynsels nea op kommen.

Sille

De skriuwer brûkt twa kear in foarm fan it tiidwurd *sille*: *by sil* en *sal ik*. Men mei derfan útgean dat er foar itselde *by sal* en *sil ik* brûke kind hie. De kaart fan *sille* yn de twadde helte fan de 18de ieu is wer dúdlik genôch. Yn dit gefal binne der gjin ferskillen mei de dialektferdieling fan de 20ste ieu. Hof skriuwt dat de grins net skerp is. It inkeldris foarkommen yn Makkum past dus hielendal yn dat byld. As de minniste dûmny fan it brief dus beide foarmen brûkt, *sille* wy him sykje moatte earne op 'e grins fan beide foarmen en dus ek tichte by de grins fan *sille-salle* by Hof. Dêrmei falt de hiele noardlike helte fan it taalgebiet ôf as mooglik gebiet fan komôf. Mar it uterste suden leit ek net yn 'e reden.

Mannich

Yn de moderne dialekten komme de farianten *mannich*, *mennich* en *minnich* foar. De a-foarm neffens Hof benammen yn it westen, de e-foarm yn it easten en *minnich* as fariant fan *mennich* yn de Dongeradielen. Yn it brief fine wy in kear *in jier minnig*. Soene wy op basis fan it 20ste-ieuske materiaal yn de Dongeradielen sykje, kartearring fan de âldere boarnen jout in hiel oar byld. It wurdt komt net sa faak yn ús databank foar, mar it die bliken dat de 17de- en 18de-ieuske boarnen fierhinne itselde byld sjen lieten en dus is der gjin beswier om it beheinde materiaal oer dy beide iuwen yn ien kaart wer te jaan. Dan docht bliken dat *minnich* yn earder tiid yn in grut sintraal gebiet fan Fryslân foarkaam. Moolk ek fierder nei it easten, mar dêr ûntbrekke gegevens oer. Yn it westen en noarden kamen doe eins net *mannich* en *minnich* foar, mar foar it grutste part *mennich*. De dialektferdieling is dus tusken 1800 en 1925 aardich op 'e kop setten. Foar de tekst hp1795a betsjut it dat in grut part fan it westen en noarden fan de provinsje ôffalt.




West

It mulwurd fan *wêze* is tsjintwurdich meast *west*, mar yn it suden komme ek *weest* en *wist* foar. De briefskriuwer brûkt ien kear *wist*. Yn de 18de ieu kaam *west* it meast foar. Fierders seagen wy doe noch de lêste oerbliuwsels fan de sterke foarm fan it mulwurd: *wessen*, *weizen* (tink oan Dútsk *gewesen*). Hjir jouwe de ynsidintele minderheidsfoarmen noch hiel nijsgjirrige oanwizings. It ferskil tusken westlik *wessen* en eastlik *weizen* komme wy tsjintwurdich noch tsjin yn de dialekten fan de waadeilannen. Skylge (westlik) hat *wên* < *wezen*, mar Skiermûntseach

(eastlik) hat *wejn* < *weizen*. Yn de 17de ieu kamen de sterke foarmen noch faker foar en ek doe neffens deselde west-east ferdieling. Eelke Meinerts (de auteur dy't dat inkelde *weizen* brûkt) skriuwt dus bygelyks net de 17de-ieuwer Gysbert Japicx nei (dy brûkte al benammen *west*), mar lit ús hiel krekt it stadichoan ferdwinen fan dy âlde fariant fan it mulwurd fan *wêze* sjen.


De foarm *weest* wurdt al yn de 17de ieu in kear opjûn út Balk, mar dûkt yn de 18de ieu dus ek yn Drachten op, wylst yn de Súdwesthoeke dan *west* ek noch rûnom foar liket te kommen. Hof (s. 131) jout bygelyks ek noch *west* út Koudum en De Gaastmar op. De foarm *wist* is in ferkoarting út *weest*, krekt as *bist* út *beest*. Hof beskriuwt *wist* as njonkenfoarm nêst *weest* út it gebiet tusken De Lemmer en Akkrum. Falt de foarm *wist* dus net mei wissichheid te plak te bringen, wy sille yn de súdlike helte fan it taalgebiet sykje moatte.



Alles op in rychje


As wy al dy oanwizings byinoar nimme, dan kinne wy se oerinoar hinne lizze en sjen oft der in gebiet is dêr't al dy ferskynsels tagelyk foarkomme. Der is ien krite yn Fryslân dêr't alle ferskynsels byinoar komme en dat is Utingeradiel, mei Akkrum yn 'e midden. De skriuwer fan it brief kaam dus nei alle gedachten fan Akkrum of in doarp dêr fuort yn 'e omkriten, lykas Terherne of Aldeboarn.

Op de lêste kaart is it oanpart minnisten yn Fryslân yn 1796 te sjen. En dan docht bliken dat krekt Utingeradiel it heechste oanpart minnisten yn Fryslân hie. Hat it ien mei it oar te krijen? Net streekrocht. In preker yn in oare minniste gemeente yn Fryslân hie sa'n brief ek skriuwe kinnen. Mar no't dy beide feiten byinoar komme, is der faaks wol in bepaalde gearhing te betinken. It brief is wakker kritysk. Yn oare parten fan Fryslân, dêr't de minnisten in lytse minderheid foarmen, soe er moolk minder gau syn eigen nêst beskite. Dat is in ynterpretaasje neitiid, mar it komt wol aardich út.



Ta beslút

It hat bliken dien dat it goed mooglik is om oan de hân fan de taal fan in anonime tekst oanwizings te krijen oer it komôf fan de skriuwer. Soks kin brûkt wurde as opstapke om de identiteit fan de auteur út te finen. Tagelyk is de ienriedichheid fan de oanwizings in befêstiging fan de betrouberheid fan sa'n metoade fan histoaryske dialektology.



Noat

¹ Sjoch *Friesch Dagblad*. Oer “woansdei”: 9-4-2005 en 19-2-2005; “wat hasto sein”: 17-1-2004 en ferlytsingswurden: 4-9-2004

* Arjen Versloot (1965, Schiedam) hat fysyske geografy en kartografy studearre oan de universiteit fan Utert. Is no taalkundich ûndersiker oan de Fryske Akademy en fierder selsstannich kartograaf (Versloot-kartografy) te Hilaard.